

Ps. 138 : 1 en 3

138 : 8

63 : 1 en 3

Heere GENESIS 4 : 1-8

HEBREEËRS 10 : 32-39

" 12 : 1-6

Tekst " 11 : 4

Ps. 119 : 27

124 : 1 en 4

Tekst Hebreërs 11:4

Om't er leaude hat Abel in better offer
brocht oan God as Kaïn.
Troch dat leauwen hat er it tsjûgenis fan
God krige, dat er rjochtfeardich wie,
want God sels hat syn jefte goedkard.
En dêrtroch sprekt er noch, al is er stoarn.

10. Preek oer boppesteande teks

Gemeente fan ús Heare Jezus,

de tekst dy't wy foar dizze middeistsjinst útsocht ha
stiet yn in brief der't wy de minsklike skriuwer net
fan kenne.

It moat ús genôch wêze dat it in brief is dy oan'e
skriuwer yn joun is troch de Geast van de Heare God.

In godlik skrift dus, krekt as alles wat 'er fierder
yn'e bibel stiet.

Wy witte èk net wer as de minsken, dy't hjirre He-
breeërs neamd wurde, krekt wennen. Har namme seit dat
sy fan joadske komôf wiene. Dêrfan is ek bewiis it
feit dat yn dit brief safolle sein wurdt oer de âlde
joadske eretsjinst. Ik kin net oars of men moest wol
joaden wêze, om te begripen wat dat allegearre bet-
sjutte.

Wichtiger is lykwols dat it wol tige dúdlik is werom
dit brief skreaun waard. De christenen, dy't hjirre
oansprutsen wurde, hiene de moedfearren hingje litten.
Fan'e kristlike blydskip wie neat mear oer. Yn it
ferlyne hiene sy mei wille de kar makke foar de Heare
Jezus en it evangeelje. Mar alle entoesiasme fan doe
binne se no kwyt rekke. It christen-wêzen falt harren
of. It is sà slim, dat men bang wêze moat dat de He

breeërs it goede paed al hiel en dal bjuster reitsje. Yn in earste ferfolging om'e namme en de saak fen 'e Heare Jezus wiene se oars noch wol flink west. Mar no't it er op liket dat it selde har noch ris oer komme sil moat men bang wêze dat se mei de Heilân alhiel brekke sille en wer tebekfalle yn it joadendom.

Har bân oan 'e Heare Jezus is o sa slap wurden. Dat hat fan gefolgen dat de bân oan mekoar er ek under ligt.

Guon ha der al gjin nocht mear oan om sneins mei de broerren en sisters gear te kommen. Wat altiten in tige faai teken is.

Dêrom waard dizze brief har skreaun .It is in brief dy't warskôget mar tagelyk ek nije moed jaan wol.

Moed om fol te hâlden. Hja moatte bliuwe by it fêste leauwen, dat ienris har rykdom en blydskip útmakke. Want sûnder leauwen kin men as kristenminske net fierder !

Dat wie it boadskip fan doe oan'e Hebreeërs.

En wy, minsken fan no, moatte mar earlik wêze.

Wat hjir sein wurdt ~~is~~ komt krektlikegoed foar ús fan pas. It fjûr fan'e iver foar de Heare en syn tsjinst baarnt by mannichien net mear sa heech as it wolris west hat. De earste leafde wurdt by lang net elkenien mear fún. Sadwaande lit ek de blydskip yn'e Heare gauris te winskjen oer.

Sa sette wy dan, ek mei it each op ús sels, boppe de dizze preek

SUNDER LEAUWEN KIN MEN NET

Wy hawwe twa punten :

1. leauwen makket út wat men docht;
2. leauwen seit wa't men is.

1. Adam en Eva kinne wy fan jongôf as ús earste foarâlden. Mar ek har âldste soannen, Kaïn en Abel, binne ús net únbekend. Guon binne fan betinken dat wat yn Genesis fen dy beide ferteld wurdt der op wiist dat hja in twilling wiene.

It soe wol sa wêze kinne, mar it wurdt ús net mei safolle wurden sein. Dêr is gjin wissichheit fan.

Kaïn wie de âldste fan de twa. Doe't er te wrâld kaam hie syn mem witwat mei him op. Hja sei : in manspersoan haw ik fan'e Heare krigen. Der woe se grif mei sizze : dizze is no de Ferlosser, dy't de Heare tasein hat : it Sied fan'e Frou. Dat ommers wer goed meitsje sil wat troch ús ferkeardens sa in unstjûr brocht is.

Wat Eva sei doe't se Abel krige wurd us yn'e bibel net trochdien. Winliken hat se doe wol neat sein.

Dochs kaam wat hja fan Kaïn sein hie hiel oars út. Mei him gong it net goed. Mei Abel wie it krekt oarsom.

Dat die bliken doe't op in dei beide mannen offers brochten oan'e Heare. It like'er wol op dat hja omtrint it selde dienen. Mar sa wie it út noch yn net. Abel brocht in offer der't de Heare bliid mei wie. Mar it offer fan Kaïn woe 'er neat fan witte.

Wat stike der no krekt achter, dat de Heare hjir sa'n ferskil makke ?

Guon tinke dat it lei oan 'e soart fan de offers dy't de beide broerren brochten. De Heare soe tige wiis mei it offer fan Abel west hawwe, want dy wie it er om te dwaan dat er mei de Heare fersoene wurde soe. Syn sûnde pleage him. Dêrom brocht hy in offer fan syn fee. In bloedig offer dus. En bloed makket it goed tusken de hillige Heare God en sûndige minsken.

En Kaïn, seit men dan, brocht allinnich mar in offer fan wat op syn lân groeid wie. Dat wie no krekt net ferkeard, mar it wie net in offer mei bloed. En mei sa'n offer hie Kaïn, krekt as syn broer, earst komme moatten. Mar Kaïn syn sûnde pleage him net sa. It wie foar him net it pak dat'er earst kwyt woe.

It ferhaal is moai betocht. Der sitte ek wis wol goede eleminten yn. Mar oan e'oare kant hat it mear ynliz as útliz. Bygelyks it ferhaal oer bloedig en net-bloedig is hjirre wol fier socht.

Goed is lykwols dat men ynseach dat it ferskil yn taksaasje fan'e offers troch de Heare God fan dwaan hie mei it ferskil fan ynstelling by de beide broerren. Oaren hawwe dan ek min of mear yn'e selde trant ek sein : Abel die fan herten wat er die - Kaïn net ! Of ek wol : Abel die wat er die út leafde - Kaïn net. Mei sokke útliz giet men wis de goeie kant út. Mar men rekkent net genôch mei wat yn'e tekst sa wichtig is. Dy tekst seit ommers dat Abel in better offer brocht om't er leaude.

No is it fensels wol wier dat yn dat leauwen fan Abel ek lei dat Abel fen herten die wat er die. En ek dat er it die út leafde. Dat binne wis kanten van it leauwen. Mar by leauwen, sa as dêr hjir yn Hebreeërs 11 oer praat wurdt, leit dochs de measte klam op wat oars.

Dat wurdt al dúdlik yn haadstik 10. Yn'e lêste ferzen wurdt der tsjin'e Hebreeërs sein : Smyt dochs jimme frijmoedigens net wei, want dy bringt grut lean mei ! Haldt fol, want de Heare Jezus is kommende wei. Hy lit net lang mear op Him wachtsje. En wa't leaut hâldt it libben. Mar de Heare hat syn nocht fan minsken dy't opjouwe en net beet hâlde wat har tasein is. Leauwen betsjut hjirre sa folle as : fêst rekkenje op wat de Heare God tasein hat.

Dat bliuwt de betsjutting fan it wurd troch hiel haadstik 11 hinne. By al dy minsken dy't der yn neamd wurde leinen der beloften fan'e Heare. Dy mochten yn benearing en soarg har treast en fêstichheit wêze. Haj moasten 'er by tiiden wol lang op wachtsje. En slimmer noch : guon krigen by har libbenstiid

hjiarre net iens wat God har tasein hie.
 Mar ek dan noch wisten sokken troch leauwen dat de
 Heare it ienris wier meitsje soe. God hie it tasein
 en Hy liegt ommers net. Dêr hâlden se it op !

Dat leauwen wie de krêft fan Abraham, fan Moazes en
 fan David, en fan al die oaren.
 It wie ek de krêft fan Abel.
 Hy leaude. Hy libbe by wat God sprutsen hie.
 As men de sinnen en wurden telle soe wie dat doedes-
 tiids noch net safolle. Dat is wier. It wie noch gjin
 bibel fol, sa as wy ha meie. Mar wat de Heare àl oan
 Adam en Eva, en sa ek oan Kaïn en Abel iepenbiere
 hie, wie dêr net minder wichtich om. Libben en takomst
 fan minsken en minsdome waard er troch bepaald foar
 ieuwen te kommen. Fan doe ôf oan't de leste dei fan
 dizze bedieling ta.

Abel leaude.

Dat wol sizze dat hy libbe by wat God sein hie tsjin
 Adam en Eva, krekt foardat sy ta it paradys út moas-
 ten. Hy beseach de wrâld fan syn dagen by it ljocht
 fan dy wurden. By it ljocht fan wat God sein hie oer
 sûnde en straf op'e sûnde Oer it libben op in ierde
 der't Gods flok op lei. Oer stjerren as it úteinlike
 lean op it kwea.

Oer dy dingen libbe Abel net mar wat maklik hinne, sa
 as sa folle minsken dien hawwe en noch dogge.

Mar krekt om't hy der ernst mei makke, wie oan'e oare
 kant de tasizzing, de belofte fan'e Heare de rykdom
 fan syn libben. It Sied fan'e Frou soe komme ! Ien
 kear soe de boaze, dy't de minsken yn'e besnijng
 krigen hie, belies jaan moatte. Eva hie gjin gelyk hân
 doe't se tocht dat Kaïn dy Verlosse wie. Mar foar Abel
 wie it in wisse saak : hy komt foarfêst ! God hat it
 sein.

Dêrom leaude hy. Dêrom hope hy en seach
 út. Want ienris soe Hy komme. De Foarst fan'e frede. Dat
 wist'er ! It koe niet misse!

Dat leauwen fan him makke ek it eigenlijke en wêzent-
 like út fan Abel syn offer. Hy liet troch dat offer de
 Heare witte hoe tankber er Him wie dat hy mei in
 grutte ferwachting libje mocht yn dizze bedoarne en
 troch sûnde fernielde wrâld. Hy wist it : alles wurdt
 ienris nij ! En dêrfoar brocht hy de Heare yn syn
 offer lof en eare.

Dat leauwen makke dat de Heare fan syn kant mei Abel
 syn offerande ek och sa wiis wie.

Abel leaude ! Dat wie it boadskip dêr't de Hebreëers
 sa'n ferlet fan hiene. Sy wiene it útsjoch kwyt rekke
 dat leauwen minsken jout. Dêr moasten sy hinne wêrom !
 Hja moasten leare dat wiswier komt, wat men hjirre no
 fan Gods beloften mei dizze twa eagen fan ús noch net
 sjocht ! Moat men no noch wachtsje - it útsjen dêrnei

wurdt ienris leanne. Want wat de Heare God sein hat sil bestean !

Wat is it goed, gemeente, dat dit ek oan ús foarhâlden wurdt !

Leauwen helpt om fierder te kinnen. Ek al liket de saak, der't wy foar stean mislearre en ta neat kommen. Al wurdt de tsjerke skodde op har fûneminten. Leauwen makket dat wy it úthâlde kinne as minsken ús tsjinfalle. Als lieder van lieding jaan soms net mear skine te witten. Leauwen makket sleauwe hannen wer feardich en sloppe knibbels rjocht en stevich.

En hoe komt dat sa, dat krekt leauwen dat docht ?

Nochris : om't leauwen rêst yn wat de Heare God sein hat ! It is ommers in folslein betrouwen op wat yn syn Wurd stiet. Leauwen jout it libben in fêst doel. It is ús anker op'e wynderige see fan ús ierdske bestean. Us kompas op'e wei wêrop't men bytiden gjin hân foar eagen sjocht. Leauwen bringt ús wis en feilich yn'e haven fan ivich behâld.

Derom stiet it er min mei ús foar as wy it leauwen net ha. As wy it winliken kwyt rekke binne. Of nea hawn hawwe. Slim is it ek as wat wy by us sels foar leauwen hâlde net it wiere leauwen is. Om't it bygelyks net mear is as in wazich religieus gefoel. Wat binne dêr tsjintwurdich in soad minsken mei oanhelle. Mar leauwen is net oars as reewillich oannimme de betroubere boadskip fan de Heare God yn syn Wurd. Wier leauwen is'er allinnich by it folk dat'em dêrop sinke en sakje lit.

Om sok leauwen mei de Heare ús graach lije ! En nimt Hy ús offers oan. En is yn syn eagen kostber alles wat wy dogge ta syn eare en tsjinst .

Troch leauwen is wat wy dogge foar de Heare oer goed. Want troch leauwen wurdt it hillige.

2. Abel leaude.

En de tekst giet fierder : troch dat leauwen hat er fan de Heare God it getúgenis krige, dat er rjochtfeardich wie.

Aensens sille wy noch neier hearre wat it betsjut dat God van Abel sei dat hy rjochtfeardich wie. Mar earst moatte wy noch besykje in antwurd te jaan op de altiten wat nijsgjirrige fraach hoe't de Heare God dat no einliks dien hat. Hoe't er oan Kaïn en Abel witte liet dat er de iene syn offer oannaam en dat fan'e oare net.

Jongens en famkes, hoe hat jimme master of juf dat jimme ferteld op skoalle ? Ik wit noch hiel skoan wat myn master - en dat is hiel lang lyn - dêr fan sei. Hy wie aerdich wis dat it oan'e reek fan de offers te sjen wie. De reek fan it offer fan Kaïn sloech

omdel, leech lâns de groun, sei er. Mar dy van Abel syn offer gong moai rjochtstandich omheech, lyk op'e himel ta. Rjocht op de Heare God oan.

Der binne guon útlizzers fan'e bibel dy't dat mar in bernachtich ferhaal fine. Al binne sy it ûnderinoar lang net iens as men har freget : hoe hat it dan wol west ?

Faak seit men : God hat it oan beide mannen witte litten troch it har yn't herte te jaan. Elk oer syn eigen offer. Mar dat kin no krekt net wier wêze. Want Kaïn wist tige skoan wat de Heare fan beide offers tocht. Net allinnich fan dat fan him sels mar ek fan dat fan Abel.

De Heare God die it har te witten ! Hoe't Hy dat krekt dien hat wurdt ús net ferteld. It kin bêst wêze dat ús ald master noch net sa fier fan de wierheid ôf wie ! Mar dêr is gjin twifel oan : Kaïn wist it en waard grimitich op'e Heare. Yn syn dôfhûdigens tsjin Him koe er net fernearje dat hy Gods geunst misse moast. Syn lulkens op'e Heare makke fan him in moardner. Mar Abel leaude. En God wie bliid mei syn offer. Want dêr is neat dêr't de Heare sa fan hâldt as fan sokken dy't har libben stjûre litte troch syn Wurd om op Him allinnich te betrouwen. En alles fan Him te ferwachtsjen.

Mar wy soene noch besykje út te fienen wat it betsjut dat de Heare fan Abel ferklearre dat hy rjochtfeardich wie. It wol fansels net sizze dat Abel sûnder sûnde wie. Fan'e erflike ferdoarnens fan alle bêrn fan Adam en Eva wie hy net frij. It giet er hjirre om dat hy yn'e rjochte ferhâlding stie foar de Heare oer. En dat net allinnich oan'e bûtenkant. It wie by Hem in saak fen't herte. Fan fielen, fan sizzen en fan dwaan.

Troch it leauwen hearde hy de Heare ta. En dat rekkene dy him oan as rjochtfeardichheit. Want syn herte gong út nei de Heare.

It wurdt yn'e bibel nochris fan Abel sein dat hy rjochtfeardich wie. Dat die ús Heare Jezus sels. It stiet yn Matt. 23. Dêr haldt de Heare de Farizeeërs en har soart foar dat sy hearden ta it skaai fen sokken dy't wend wiene profeten dea te meitsjen. Es as earste fan har slachtoffers neamt hy dan Abel.

It liket ek folle op wat yn it brief oan'e Romeinen sein wurdt fan Abraham. Dy leaude ek. Hy moast syn ienige soan, Isaak, offerje. Hy makke dêr alles ree foar. Mar, stiet er dan by : hy rekkene er op dat de Heare God machtich wie him syn jonge út de deaden werom te jaan. En de Heare rekkene him dat leauwen ta as gerjochtichheit. Want leauwen is de wissichheit fan wat men hopet en it bewiis van wat men net sjocht.

Nochris, gemeente, wat is it goed dat it ek ús foarhâlden wurdt.

It kin ús samar oer komme dat wy twivelje. Fen ús sels binne wy er ommers net tsjin opwoeksen as it folgjen fan de Heare swierrichheden meibringt. As de trouw oan'e Heare ús troch minsken leanne wurdt mei skeve gesichten. Winliken ek fan sokken dy't broerren en susters yn'e Heare hjitte. Wy kinne der net bêst oer as der mei ús net mear rekkene wurdt. As wy allinnich komme te stean. Of ek as it ús skea docht yn saken. Dêrmei binne wy dan noch wol lang net ta oan de grutte ferdrukking wer't de bibel fan seit, dat wy dy te ferwachtsjen hawwe. Wy hawwe sa gau begrutsjen mei ús sels. Fanwege einliks noch mar lytse ûngemakken, dy't ús oer komme fanwege ús gean achter de Heilân oan.

Hoe stiet it er mei ús foar ?

It is noch mar in setsje lien, dat immen tsjin ús sei : och dummy, der binnen altiten twa soarten fan minsken. 'Winners' en 'losers'. Minsken dy't it oprêde en minsken dy't belies jowe. En yn't geastlike bin ik sa'n 'loser'. Ik sil nea takomme oan dy sterke leauwigen der't de bibel it oer hat.

Dat wie in ferkeard ferhaal. It like ommers mei de Hebreërs ek net botte bêst. Men soe hast sizze kinne dat it mislearre kristenen wiene. It like er op dat se er net fier fan ôf wiene ôf te fallen fan'e Heare. Dêr stiet it er mei minsken dochs wo striemin foar. Mar tink er om dat de Heare tsjin har net sei : it komt mei jimme net mear goed ! Jimme binne út it ferkearde hout en dêr is neat oan te ferhelpen. Nee, de Heare seit, krekt oarsom : folhâlde jimme ! Leauw de beloften. Se wurde wier makke. Op myn tiid, dat is sa. Mar dêr is gjin mis op !

Hy skriuwt in dit ferband ek : Sjogge jimme se dan net : al jim supporters dêr boppe, yn'e himel ? Dy't op jim delsjogge en jim oanfiterje. Abel en al dy oaren. Sy hawwe de ommers de finish helle. Troch leauwen hellen hja de streep !

As de Hebreërs dat woene, dan hienen hja, as minsken sa bekend mei de Skriften, wis wol wat te lekjen hân op al dy grutten yn it leauwen. Hja wisten fan stof-feljen fan Abraham en fan fallen fan David, om er mar in pear op te neamen. Fan swiere sünden, dy't se dienen en fan djip fallen. Tink mar oan Simson en Jeftha. De Skrift is sa earlik as goud as it op dy dingen oankomt. En dochs ha al dy mannen en frouljue, mei har tekoarten en gebreken, it oprêden. Se binne no wer't harren Heare Jezus is. Wat skoandere foarbylden foar ús, gemeente, om gjin belies te jaan !

Dêr stiet, gemeente, noch wat yn'e tekst dat wy net oerslaan meije : 'Hjir troch sprekt Abel noch neidat hy al stoarn is'. 'Hjir troch' - dat is troch syn leauwe.

